


## Gemeente Dantumadiel

KATEGORY	OANTAL	YNVESTARRE TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN
 ENERZJY EN DUORSUMENS	6	€ 175.995
 KEUNST EN KULTUER	6	€ 47.086
 LEEFBERENS	23	€ 471.827
 MIENSKIP EN BEDRIUW	4	€ 45.857
 NATUER EN KULTUERHISTOARJE	10	€ 179.109
 SPORT	5	€ 49.747
 FERDUORSUMJEN MIENSKIPSGEBOUWEN	8	€ 262.492
 FRYSLÂN FERBYNT – VRIJWILLIGERSDAG 2024	5	€ 2.500

## Tankwurd

Ut namme fan de Provinsje Fryslân wol ik jimme as belutsen ynwenners, organisaasjes en frijwilligers tank sizze foar jimme grutte ynset yn de ôfrûne jierren! Mei troch jimme en help fan de Provinsje binne tal fan inisjativen ta útfiering brocht. Mei-inoar hawwe wy ús direkte libbensomjouwing moaier makke. Yn doarp, wyk en stêd. Sûnt 2015 stipet it Iepen Mienskipfûns tûzenen ideeën – grut en lyts. Allegear foar ús Fryske mienskip. Dat binne saken om grutsk op te wêzen en dêr geane wy ek mei troch. Sa bouwe wy fierder oan in leefbere en moaie provinsje dy't ús bynt.

**Sijbe Knol**  
Deputearre Leefberens



## GEMEENTE DANTUMADIEL

# 10 jier Iepen Mienskipfûns

It Iepen Mienskipfûns bestiet 10 jier. Foar jo leit de ynformaasjeblêd fan de gemeente Dantumadiel. Hjiryn kinne jo sjen hoefolle projekten de ôfrûne 10 jier troch de provinsje Fryslân stipe binne troch it Iepen Mienskipfûns.

Yn 2015 waard it Iepen Mienskipfûns oprjochte om subsydzjes dy't bedoeld binne foar frijwilligers tagonklker en yntegrale te meitsjen en dat hawwe wy witten. Inisjatyfnimmers koene terjochte foar advys en help by oanfragen yn it streekhûs Noardeast Fryslân wat fêstige is yn Burgum. De provinsje waard oerspielt mei oanfragen. Fryslân brûst!



De Provinsje is grutsk dat se al 10 jier bydraacht oan it noch moaier en leefberder meitsjen fan de Fryske doarpen, wiken en eilannen. Mear ynformaasje oer it fûns en oankommende iepenstellingen treffe jo op: [fryslan.fr/imfoanfreegje](https://fryslan.fr/imfoanfreegje).

# 67

TOTAAL OANTAL PROJEKTEN

Yn totaal is € 1.234.613 troch de provinsje Fryslân ynvestearre yn projekten binnen gemeente Dantumadiel. Dat is € 64,17 de ynwenner.

YNVESTARRE BEDRACH:

Bydrage provinsje Fryslân  
€ 1.234.613




Multiplier 3,46

ÚTLICHT:

## Kleaster Claercamppad

Yn 'e middei fan 1 juny 2022 waard yn Marrum it Kleaster Claercamppaad iepene troch kuiergidsskriuwer Fokke Bosker. Dy nije pylgerrûte soarget foar ferbining tusken Lauwerseach, Zoutkamp, Makkum en de Ofslútdyk. De komst fan it Kleaster Claercamppaad betsjut dat it netwurk fan pylgerpaden yn Fryslân hast folslein is. Dizze paden soargje derfoar dat Fryske ynwenners en toeristen genietsje kinne de iuwenâlde tsjerken en ferskate prachtige terpdoarpen dy't Fryslân ryk is, mei ûnderweis genôch plakken om te iten en te sliepen yn ferskate gastfrije tsjerken, âlde pleatsen en eardere kleasterlokaasjes.


Om de tagonklikheid te fergrutsjen binne de pylgerpaden fan Fryslân troch Dagrecreatieve Netwerken digitalisearre, dat is ûnderdiel fan it beliedsprogramma Gastfrij Fryslân 2028 en is yn opdracht fan de provinsje Fryslân.



# Projekkaart gemeente Dantumadiel

Sûnt de oprjochting fan it Iepen Mienskipsfûns (IMF) yn 2015 binne der al mear as 2500 projekten realisearre dy't de leefberens yn Fryslân ferbetterje. Dy inisjativen, inisjearre en útfierd troch ynwenners sels, hawwe net allinnich de regio fersterke, mar ek de ferbining en it eigenskip tusken de bewenners en harren omjouwing.

Dizze projekkaart jout in byld fan it tal ôfrûne projekten yn de gemeente Dantumadiel.



## TALJOCHTING:

- |  |   |  |
|--|---|--|
| <br>Energjy en Duorsumens           | <br>Keunst en Kultuer          | <br>Leefberens      |
| <br>Mienskip en Bedriuw             | <br>Natuer en Kultuerhistoarje | <br>Sport           |
| <br>Ferduorsumjen Mienskipsgebouwen | <br>Soarch en Wolwêzen         | <br>Fryslân Ferbynt |

NIJSGJIRICH NEI DE PROJEKTEN?



OANTAL PROJEKTEN: 67

TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE MIENSKIP: € 4.270.289

TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN: € 1.234.613